FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Oan:
- de Meisizzenskipsried (MR/MZR) fan kbs *'t Foarhûs*
- de Mienskiplike Meisizzenskipsried (MMR/GMR) PCBO-Smallingerland (MMR/GMR)
- dhr. K. Tamminga, foarsitter MR en MMR, Broekfinne 42, 9213 RK DE WYLGEN
- dhr. C. Zijlstra, sekretaris MR, Skeanewei 11, 9212 VC BOARNBURGUM
- mrfr. H. Zantinge-Noorda, De Emma 10, 9207 CC DRACHTEN

Underwerp: Us net beändere brieven fan 18-12-2006, 12-03-2007 en 20-06-2007 oer it taal- en ûnderwiisbelied op *'t Foarhûs*

Drachten/Itens, 01-10-2007

Achte leden fan de MR en de MMR,

Trije kear hawwe wy as *Feriening Frysk Underwiis*, in feriening dy't opkomt foar de belangen it Frysk yn it ûnderwiis, it bestjoer en de direksje fan kbs *'t Foarhûs* oanskreaun (18 des. 2006, 12 maart 2007 en 20 juny 2007) nei oanlieding fan inkelde útspraken fan de direkteur yn it *Friesch Dagblad* (sjoch ek de bylage) oer it tekoartsjittende ûnderwiis yn it Frysk op syn skoalle.

Trije kear hawwe wy taal noch teken fernommen fan bestjoer en direksje. Dat falt ús tige ôf fan in skoalle dy't neffens de skoalgids *iepenheid* op ûnderskate mêden, ek nei de wrâld ta, wichtich achtet (s. 19 en 20). Dat is de reden dat wy ús dêrnei ta de ûnderwiisynspeksje en de Steaten fan Fryslân rjochte hawwe en ús no ta jimme MR en MMR rjochtsje. Faaks hawwe jimme, as it der werklik op oan komt, in oare fyzje op 'iepenheid' as it bestjoer en de direksje.

Grif sil it jimme bekend wêze dat it Frysk in wetlik ferplichte fak is en dat der ek wetlik ferplichte kearndoelen foar opsteld binne dy't troch de skoalle neistribbe wurde moatte. De skoalle moat sels de tiid (it tal lesoeren) fêststelle om dy doelen helje te kinnen. Dat jildt foar alle ferplichte fakken en dus ek foar it Frysk. Boppedat heart it as fier- of ynstruksjetaal by oare fakken brûkt te wurden.

Dat is fan belang omdat wy yn in offisjeel twatalige provinsje libje en omdat de taal trochjûn wurde moat oan kommende generaasjes, net allinnich wat it praten, mar ek wat it skriuwen oanbelanget. Fryske les draacht, as it goed jûn wurdt, tige by ta de memmetaalûntjouwing fan de Frysktalige bern en de twa- of trijetalige ûntwikkeling fan oarstalige bern. Boppedat is it pedagogysk fan belang dat oarstaligen respekt ûntwikkelje foar Frysktaligen. Dan hoege net-Frysktaligen no en letter ek net it fingerke omheech te stekken mei it twingende 'fersyk' oan de Frysktaligen om harren te ferbrekken en op it Hollânsk oer te gean, of om oersettings te 'freegjen' fan Frysktalige teksten.

As de eigen taal in 'ûnderskood' plak hat yn de skoalle en dêr net folweardich te sjen en te hearren is, dan wurdt de bern dêrmei ymplisyt 'leard' om harren foar sa'n taal te skamjen en sille se dêr 'ôfstân fan dwaan' of dy 'falle littte'. Dy taal sil ek ferearmje en fertutearzje. Sa'n 'ferburgen learplan' hat it effekt fan 'taalmoard'. Dat is pedagogysk en kristlik fansels net akseptabel.

It is al lang in útmakke saak dat bern hiel goed mear as ien taal leare kinne. En ek dat goed en foldwaande twa- of meartalich ûnderwiis bydraacht dat it better ûnderskiede kinnen fan oerienkomsten en ferskillen tusken talen. Mei as útkomst bettere risseltaten yn dy talen. Fryske les is fandatoangeande dus ek hiel goed foar net-Frysktaligen. Fansels sille der, lykas by elk fak, ferskillende nivo's troch de bern berikt wurde.

Wy hawwe in stikmannich fragen by de útspraken fan jimme direkteur. As de hear Dorsman seit:
1. "*Het moet vanuit de ouders zelf worden bevorderd*", dan freegje wy ús ôf oft it âlderpart fan de MR ek nei harren miening frege is, nei't der fansels earst goede ynformaasje en foarljochting jûn is troch saakkundigen. Hat der goede foarljochting west oer twatalich ûnderwiis en de kultuerpedagogyske taak fan de skoalle op it stik fan it Frysk?
2. "*Goed, een half uurtje Friese les per week is verplicht, maar voor het overige staat het Fries op een laag pitje, geeft hij toe*", is der troch de MR dan ek neitocht oer wat de gefolgen binne foar benammen de Frysktalige bern op *'t Foarhûs*?
3. dat 20% fan de bern fan-hûs-út Frysktalich is, dus in minderheid, freget it respekt foar dy minderheid dan net om ek respekt te hawwen foar de Fryske taal as ien fan de wichtichste aspekten fan harren identiteit? En dus dat iensidich op it Hollânsk-oriïntearre ûnderwiis net ferantwurde is, omdat it dizze bern mei minderweardichheidsgefoelens foar dy taal oer opskipet of sels mei in minderweardichheidskompleks?

Hawwe jimme ynstimming jûn oan it, neffens hjoeddeiske opfettings en ûntjouwings op it mêd fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer (ynklusyf de Fryske skiednis), tekoartsjittende ûnderwiis en de plenning dêrfan? As dat it gefal is, wolle jimme dan dy ynstimming op 'en nij besjen sa gau as dat mooglik is?

Ommers, der wurdt oan de MR *ynstimming* frege oer beliedsbesluten op it stik fan de ûnderwiiskundige doelstellings, it skoalwurkplan, it learplan, it soarchplan ensfh. (s. 18 fan de skoalgids).

Wy freegje jimme om ús brief fan 18 desimber 2006 oan bestjoer en direksje (sjoch bylage) yn jimme fermiddens (MR en MMR) op it aljemint te bringen en ta in oardiel te kommen oer de gong fan saken en oer de needsaak dy't dêryn oanjûn wurdt om ta in ***ferbetteringsplan*** te kommen.

Faaks jout dat brief jimme ek oanlieding om ris nei it beskreaune en realisearre taalbelied fan de oare skoallen fan PCBO-Smallingerland te sjen. Mooglik falt dêr ek noch ien en oar te ferbetterjen.

Om goed thús te reitsjen yn de tekoarten fan it hjoeddeiske ûnderwiis yn it Frysk en de easken dy't oan goed ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer steld wurde moatte, is it oan te rieden om it ynspeksjerapport *De kwaliteit van het vak Fries in het basisonderwijs en het voortgezet onderwijs in de provincie Fryslân. Technisch rapport* (2006-21, Utrecht, juni 2006) troch te nimmen. Tige fan belang is ek it dûbeltalige *Frysk oan bod. Learplan Frysk foar it Primêr Underwiis*, Stichting Leerplanontwikkeling, Enschede 2005 (ek te downloaden fan www.taalsite.nl).

Fûnemintele krityk op it gauris noch ûnfolweardige ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer is ek te finen yn de *Derde Rapportage betreffende het Europees Handvest voor regionale talen of talen van Minderheden 2002-2005. Rapportage inzake de maatregelen welke Nederlands heeft getroffen ten aanzien van de Friese taal en cultuu*r (Ljouwert/Leeuwarden, Fryske Akademy, 2007). Wy kinne jimme dat lêste rapport ek digitaal takomme litte.

It is foar jimme MR/MMR grif tige ynformatyf om op syn minst kennis te nimmen fan dy trije publikaasjes. Dat kin ek fan belang wêze as de ynspeksje by in kommende besite it taalbelied besjocht en dêr mooglik it wurdearringsramt foar it Frysk yn it Primêr Underwiis by brûkt.

Fansels binne wy ree en ljochtsje ús brieven ek mûnling ta.

Yn ôfwachting fan jimme reaksje,
met rju achtinge,

drs. Th. Dykstra, *foarsitter*
drs. S.T. Hiemstra, *skriuwer*

Bylage:
Us brief fan 18 desimber 2006 oan skoalle en bestjoer fan *'t Foarhûs*